

FRYSKE AKADEMY

ARCHEOLOGYSK WURKFERBAN

Oantekens gearkomste Archeologysk Wurkferbân fan 4 febrewaris 2024

Oanwêzich: K. Jager, A. Vellinga, M. Talsma, J.P. de Groot, W. de Jong, R. Amsterdam, G. Hofstra, G. v.d. Plaats, G. Mast, P. de Jong, Y. v.d. Diest, W. Hagen, Y. IJzerman, B. Slofstra, J. Boersma, S. de Roos, H. v.d. Vliet, N. de Boer, K. Tiemersma

Ofwêzich mei berjocht fan behindering: G. Schotanus, R. van Joolen, H. Sloots, R. Wildschut

1. Sible de Roos iepene de gearkomste en hjitte elkenien wolkom, yn it bysûnder de sprekker fan dizze jûn. Dêrneist wiisde er derop dat ús gearkomsten tenei by Tresoar wêze sille.
2. Ynkommen stikken en meidielingen:
- Neat dat net al dield is.
3. Ferslach fan de lêsthâlden Iedegearkomste op 26-11-2024: it ferslach waard sûnder wizigingen fêststeld.
4. Ynliding fan Dion Stoop oer fjoerstien en wat wy út de fynsten opmeitsje kinne.

Stoop is depothâlder yn Nuis en bestudearret op dit stuit it Let-Paleolitikum.

De basis fan it ûndersyk nei de stientiid leit yn de earste grotûndersiken sa't dy yn de 19e iuw plakfûnen yn Frankryk. Yn Nederlân waarden de earste fynsten dien yn Drinte (Emmerzand – Van Genderen-Stort). Letter folgen fynsten yn de sânferstowingen fan Brabân. Yn de jierren tritich fan de foarige iuw waarden de fynsten troch B. Popping ek werklik dokumintearre, kontakten mei Van Giffen sille grif meiholpen hawwe.

Der binne, as it om it Let-Paleolitikum giet, in pear alles omfetsjende kultueren te ûnderskieden, lykas de Hamburg-kultuer, de Ahrensbergkultuer en de Federmesser-kultuer. De Kuinderkultuer is in subkultuer, te uzes better bekend as de Tsjongerkultuer. Nei 1960 nimme ferieningen (wêrûnder it Arch. Wurkferbân) in wichtich plak yn as it om ûndersiken giet. Tusken 1990 en 2000 falt, nei it ferdrach fan Malta, it begjin fan de AMZ-archeologie (Archeologische Monumentenzorg). Buro's as RAAP nimme dan it foartou, mei in planmjittige opset fan de ûndersiken.

As it giet om de betsjutting fan de fynsten dy't oan it oerflak dien wurde, is it goed om te betinken dat de opbringst noait yn situ is. Natuer (beamwoartels,

bisten) en minsklike aktiviteiten lykas it ploegjen fersteure de fynplakken yngeand. Dêrby moat ek betocht wurde dat eins allinnich stiennen foarwerpen de tiid trochstien hawwe; alles wat minsken fierder brûkten, is fergien. Likegoed binne der altyd wol in pear algemiene konklúzjes te lûken. Sa wiist in grut oantal fynsten yn kombinaasje mei in tsjokkere fynstlaach altyd op in tichtere bewenning, faaks ek oer langere tiid.

Stoop sjocht ek altyd nei de relaasje tusken it lânskip en de minske: dy beynfloedzje elkoar. Minsken sille harsels sjoen hawwe as diel fan it lânskip, rituelen sille op dy manier in wichtich plak ynnommen hawwe.

Foar it Let-Paleolitikum is de fynst fan klingen wol in skaaimerke. Fan dy klingen waard allerhanne ark makke, tink oan spearpunten, heakjes, skrabberkes en wat al net. Omdat Stoop sels út Súd-Nederlân komt, hat er him benammen rjochte op de bewenning fan it rivieregebiet, mei konsintraasjes by de oerstekplakken. It ûndersyk dêrnei wreidet er geandewei út nei it noarden, mei omtinken foar de bewenning om de marren hinne, mei de Burgumermar fansels as grut foarbyld.

Nei noch in pear fragen beäntwurde te hawwen, betanket foarsitter Sible de Roos Dion foar de ynformative lêzing.

6. Omfreegjen:

- Ek diskear hiene guon oanwêzigen wer moaie fynsten mei, lykas in Ingelske munt út de tolfde iuw;
- Jan Paul makket noch wat reklame foar en determinaaasje- en taksaasjedei op 30 maart yn Ysbrechtum.

7. Ta beslút betanke Sible it grutte oantal oanwêzigen en winske elk wol thús.

Ferslach: Koos Tiemersma